



Feriening fan Fryske skriuwers, dichters, oersetters, publisisten en minsken dy't de Fryske skriuwerij tagedien binne.

e-mail: bestjoer@skriuwersboun.nl

ynternet: www.skriuwersboun.nl

Postadres: De Els 9, 9245 JC Nij Beets

Bankrekken: NL34RABO0154846945

Oan it kolleezje fan Deputearre Steaten fan Fryslân, t.a.f. frou deputearre Poepjes.

Giet oer: heechlearaar Frysk

Ljouwert, 19 novimber 2022

Acht Kolleezje, achte frou Poepjes,

As Skriuwersbûn folgje wy de berjochten oangeande it fuortbestean fan de oplieding, de learstoel en de besetting fan dy learstoel Fryske taal- en letterkunde yn Grins. As brûkers fan it Frysk as kultuertaal hawwe de Fryske skriuwers direkt belang by in akademyske oplieding dêr't ek literatuerstúdzje in substansjeel ûnderdiel fan útmakket, sawol yn de agindearring fan it ûndersyk, de ynbêding yn de ynternasjonale akademyske kontekst as yn de útfiering fan it ûnderwiis en ûndersyk.

It mei net sa bliuwe dat wy skriuwe yn in taal dy't gjin folweardich professoraat en wittenskiplike oplieding mear hat. It is fan it grutste belang dat de Fryske skriuwerij in bliuwend kristallisaasjepunt hat, sa't wy dat yn de persoan fan de krekt mei emeritaat giene heechlearaar wol hienen. Wy sjogge dat jonge minsken dy't har op akademysk nivo yn de ôfroanne desennia mei it Frysk dwaande hâlden hawwe no fitale funksjes ynnimme by ynstituten lykas Tresoar en de Fryske Akademy.

It Skriuwersbûn wol dat der op sa koart mooglike termyn wer in folweardich heechlearaar Frysk komt. Út ús kontakten begripe wy dat dêr in tal potinsjeel geskikte kandidaten foar wêze soe.

Dy heechlearaar moat yn Ljouwert har of syn wurkplak hawwe, yn it hûs fan in wittenskiplike- en/of heger ûnderwiis-ynstelling, mar mei in selsstannige status. It is yn de ôfroanne perioade dúdlik woarn dat de RUG net oan dizze konstruksje meiwurkje wol. Wy konstatare dat de Provinsje har fiersten te ôfhinklik makke hat fan de RUG wat dit oanbelanget. De RUG is ûnwillich. Jimme jild wurdt troch harren net brûkt wêr't it foar ornearre is. Net allinne wurdt it professoraat skrast, der is ek gjin literatuerkundige by de universiteit, likemin as in histoarikus op dit mêd. In part-time taalkundige kin fansels nea yn al dit ferlet foarsjen.

Der soe sa gau mooglik socht wurde moatte om in oare universiteit dy't wol meiwurkje wol. Provinsje en Ryk soenen dit tegearre dwaan moatte. Dêrom stjoere wy in kopy fan ús skriuwen oan de Minister fan ynlânske saken, dy't hjir meikoarten foar de 'Rede fan Fryslân' op besite komt. Op grûn fan de BFTK kin ferwachte wurde dat it Ryk dizze útdaging mei Fryslân oppakke wol. Yn dy BFTK

soenen konkrete spesifike betingsten oangeande oplieding en learstoel opnaam wurde moatte. As Skriuwersbûn steane wy der fansels op oan dat ek de literatuerstúdzje as ûnderdiel fan de Frisistyk yn dy konkrete omskriuwing eksplisyt neamd wurdt.

It komt ús foar dat de Provinsje, yn kasu Deputearre Steaten, te nayf mei de kwestje omgiet. Yn reaksje op de útspraken fan de kultuerdeputearre yn de LC fan 4 novimber in pear opmerkingen, bedoeld om ta in effektive oanpak te kommen.

- It makket **wol út wêr't** in selsstannige masteroplieding húsfeite is. Dy heart yn Ljouwert, tichteby minsken en organisaasjes dy't har deistich ynsette foar it Frysk. Dêr hat sa'n oplieding in basis en kin hja in stimulearjende rol spylje.
- De 'robúste masteroplieding' sil der, mei sa'n ynstelling by de Grinzer universiteit, perfoarst net op koarte termyn komme. Neat wiist der op dat de RUG dit stribjen serius nimt en faasje meitsje wol. 'As je it goed dwaan wolle, nimt soks tiid', sizze jo/jimme. Nee, as it goed sil hawwe wy mei in healjier wer in folslein professoraat. En it komt net goed as wy dit op de lange baan skowe. It Frysk en de Fryske skriuwerij kinne der net sûnder.
- 'Yn hoefier oft de Provinsje linich is mei de jildstreamen yn dit groeimodel, moat apart besjoen wurde troch it provinsjaal bestjoer', sitearret de LC jo/jimme. Asjebleaf, net linich wêze! Brûk it jild dêr't it foar bedoeld is en gean net mei yn in langduorjend oerlis- en ûntwikkeltrajekt, kompleet mei in 'haalbaarheidsonderzoek', dêr't de RUG liedend yn wêze sil. De helberens wurdt bepaald troch de Provinsje! Sil dy dreech en kantich genôch wêze om tsjin de RUG te sizzen: wy betelje foar in folslein professoraat, en no't jimme dat net leverje wolle, sille wy mei faasje in oare oplossing sykje en fine?
- De hâlding fan de RUG ûnderfine jimme as posityf. Foar wa't wend is deistich te partisipearjen yn taaie polityk-bestjoerlike prosessen kin dat miskien sa oer komme. It giet lykwols om konkrete resultaten. Net om hâlding, mar om gedrach. De skiednis fan it Frysk op wittenskiplik nivo jout gjin inkelde yndikaasje dat langduorjend oerlis en bystelling fan ambysjes liede sille ta in resultaat dêr't it Frysk in positive ympuls fan krijt.

Wy stean yn ús kritek net allinne. Bygelyks advysorgaan Dingtiid en Pier Bergsma (oant foar koart foarsitter fan de Fryske Beweging) hawwe klear beärgumintearre wêrom dit sa net kin. En wy, as Fryske skriuwers, wolle wurkje mei in taal dy't op wittenskiplik nivo 100% serius nommen wurdt as libbene taal.

Wy dogge dêrom in berop op jimme as Kolleezje en op jo as ferantwurdlik Deputearre om in oare wei yn te slaan. It paad dat jimme no kieze sil liede ta statusferlies foar it Frysk en demotivaasje by de minsken dy't har ynsette foar behâld en ûntjouwing fan de taal.

Mei rju achting,
Foar it Skriuwersbûn,

Willem Verf, foarsitter.